

# Sjueryrapport Rely Jorritsmapriis 2020

## Sjueryferslach Rely Jorritsmapriis 2020

Dat de Rely Jorritsmapriis 67 jier nei de start skriuwers en dichters noch altiten nei de pinne gripen docht, mei dúdlik wêze; it tal ynstjoerings fan 't jier koe (wer) besjen lije: 56 gedichten en 32 ferhalen.

It nivo fan de Rely Jorritsmapriizen is heech en de sjuery koe fernimme dat de ynstjoerders soarch bestege hienen oan harren wurkstikken. Om as (nije) ynstjoerder it hege nivo krekt yn te skatten, bliuwt in earder adfys aktueel: lês de priiswinnende bijdragen fan de ôfrûne jierren. Se binne allegear te finen yn de temanûmers fan it tydskrift **ensfh**.

Ek wol de sjuery noch ris beklamje dat it by de beoardieling net bekend is at de skriuwer in man of frou is, jong of âld, wenachtich yn de provinsje of net. Se basearret har oardiel louter en allinne op de útprinte A4'kes, dêr't behalve in folchnûmer gjin inkeld persoanlik gegeven op stiet.

De lingte fan benammen de ferhalen rûn enoarm út elkoar. It langste wie mar leafst 20 siden, it koartste in heale.

Oer't generaal wienen styl en stavering fan proaza en poëzij ynoarder.

De keazen ferhaletema's bestienen, lykas oare jierren, út in grut ferskaat. De aktualiteit spile in rol yn de foarm fan de coronakrisis. Fierder kaam it hiele libben foarby: relaasjes, begripenissen, feroaring fan de wrâld, in dochter of soan dêr't it bestean net fan bekend wie. Der sieten raamfertellings tusken, fiks wat anekdoatyske ferhalen en in pear dy't allinne mar út dialooch bestienen. Wy hienen der sels in fertellend kafee, in deiboek en in pratende rat by. By it proaza foelen fan 't jier twa ûnderwerpen op.

In tal ferhalen einige yn in ferskriklik drama, of suggerearje soks op syn minst. Grouwelige tastannen, bluodderige taferielen, selsmoarden, it gong der om wei. Mar as it drama him op de earste side al oankundiget, moat de auteur wol wat yn syn mars ha om yn de rest fan it ferhaal de oandacht fan de lêzer fêst te hâlden. It plaatsje dat er beskriuwt moat kwa taal, byld en ûntjouwing folslein wêze. Dêr passe, bijgelyks, gjin stylbreuken en it ôffraffelj fan de plot by.

Opfallend wie ek dat in pear ferhalen skreaun wienen fanút it berneperspektyf. It bern sjocht nei de wrâld en nimt de lêzer mei op syn reis troch it libben. Dizze technyk is op 't heden yn de wrâldliteratuer populêr. Mar it is hjir krektsa as mei de earder neamde misdiedferhalen, de útwurking moat dan wol fan in heech nivo wêze. It keazen perspektyf liket al gau in manier om op de oerflakte te bliuwen of in beheinde wurdskat te omsilen.

In flink tal fan de dichters sike harren ûnderwerpen yn de eigen provinsje. Gjinn wûnder dus dat wetter, en alles wat dêr oan byldspraak by heart, in belangrike rol spile. Fierder kamen klassike thema's lykas de natuer, de leafde en ferlies fan neisten in soad foar. Ek de aktualiteit, mei corona as haadpunt, waard yn in tal fersen beskreaun.

De sjuery krijt fan it stichtingsbestjoer alle jierren ien hiele dúdlike ynstruksje: allinne de allerbêste ynstjoerings bekroane. Oars as yn it skiere ferline besteane der gjin twadde en tredde prizen, oanmoedigingspremy's of earfolle fermeldings. Dat der út de protte ynstjoerings diskear mar trije priiswinners kamen, betsjut net dat der net genôch kwaliteit tusken siet, mar de sjuery is op syk nei krekt dat bytsje ekstra's dat der foar soarget dat in ferhaal of fers mei kop en skouders boppe de rest útsteekt op it mêd fan in goede opbou, in heldere struktuer, in lekker ritme, djipgong mar tagelyk ek tagonklikens, leauweardigens, subtiliteit, orizjinaliteit. It is yn eardere sjueryrapporten ek al sein: de lêzer moat rekke wurde. Better as Julian Barnes yn ien fan syn essays yn de bondel *Through the window* kinne wy it net sizze: *Ast in goed boek of ferhaal lêst, ûntsnapst net oan it libben, do stoartst dy der krekt djipper yn. Der kin sprake wêze fan in oerflakkige ûntsnapping - yn ferskillende lannen, mores, spraakpatroanen - mar watst yn wêzen dochst is dyn begryp fersterkje fan de subtiliteiten, paradoksen, wille, pine en wierheden fan it libben. Lêzen en libben binne gjin ûnderskiedende mar symbioatyske wearde.*

Krekt as oare jierren is der lang en breed praat oer in stikmennich subtoppers, sawol by it proaza as by de poëzy. Dy ynstjoerings binne miskien goed genôch om publisearre te wurden mar net sterk genôch foar in priis.

#### Priiswinners

De bêste ynstjoerings fan dit jier binne it ferhaal **Ni Hao fan Elmar Kuiper**, it ferhaal **Total loss fan Sjoerd Bottema** en it gedicht **It famke fan Syds Wiersma**.

#### Ni Hao

Ni Hao is it ferhaal fan Gysbert Groen út Ni Frisia. De skriuwer sketst in dystopysk takomstbyld, fleurich mongen mei eleminten fan de tienerfilm *Weird Science* en in fleuchje fan de cartoonfamylje *The Jetsons*.

It hjir en dêr hylaryske ferhaal begjint mei in detailearre beskriuwing fan in wrâld dy't noch net bestiet mar wol tige realistysk delset is. Trochdat der gjin oerdreaune science fiction beskreaun wurdt en de nije wrâld frij ticht by de wurklikheid bliuwt, is de omskriuwing tige oannimlik en net steurend foar dyjingen dy't net fan it sjenre hâlde.

It ferhaal hat meardere fertelperspektiven. Dat jout in ekstra diminsje en soarget der foar dat de lêzer it lêste part fan it ferhaal troch de mechanyske eagen fan Gysbert syn robotfrou Huang folgje kin.

It ferhaal spilet yn in wrâld fan Sineeske oerhearsking dêr't Xi Jin Ping III de baas is. Iten en it keapjen dêrfan spylje in grutte rol yn it ferhaal. It oersetten, ferhaspeljen of betinken fan de Sineeske nammen fan personaazjes, plakken en itenswaar hat de skriuwer treflik en dus leauweardich tapast.

It linich skreaune ferhaal hat humor en sit grôtfol subtile ferwizings nei moderne muzyk, films en aktuele tema's lykas corona en de MH17-ramp.

Robot en minske komme yn it ferhaal ticht by elkoar, op in hiele natuerlike wize. De natuer is hast ferdwûn. Dat kin net sein wurde fan de minsklike driften. Gysbert stelt dêrom hege

easken oan syn robotfrou. En as se in nije chip krijt, komt se gefaarlik ticht yn de buert fan in echt minske mei alle problemen dy't dêr by hearre.

In sterk en boartlik ferhaal dat naadleas oanslút by de aktuele soargen oer de tanimmende ynfloed fan Sjina rûnom op 'e wrâld.

### **Total loss**

In flot skreaun ferhaal fan in âldere man dy't nei oanlieding fan in anonime, hollânsktalige brief fan de him folslein ûnbekende Stipke weromsjocht op syn libben. It ferhaal komt daliks binnen by de lêzer, der bart in soad en de útwurking ûntjout him fia ferskillende linen dy't raffinearre yn elkoar oer geane. De hieltyd koarte tinzen fan de skriuwer, it ritsje mei de auto en de sinnen út de brief fan Stipke ha alle trije harren eigen toan en wurde sa goed skieden. De ferteller liedt de lêzer op in soepele manier hinne en wer tusken syn oantinkens fan doe oan de wylde autorit en de prakkesaasjes fan no. De skriuwer jout dat typografys ek noch ris dúdlik oan troch tusken it doe, it no en de sitaten út de brief fan Stipke flink wat wyt oer te litten.

Krekt as by nochal wat oare ynstjoerings slút dit ferhaal ôf mei de oantinkens oan in dramatysk barren, in heftige klimaks. It sterke is dat de haadpersoan, de ferteller, al weromsjend suver lakonyk, ja, hast saaklik, al dy yngripende feiten op in rychje set. Gjin emoasjes; wat west hat, hat west.

De lêste alinea is in hiele bysûndere, hast absurdistyske mar benammen izersterke ôfsluting. Op presys it goeie momint ferskoot de skriuwer fakkundich noch ien kear de fokus en slacht dêrmei net allinne de perfekte toan oan, mar slút ek it ferhaal op in ferrassende wize ôf.

### **It famke**

De sjuery wie it der daliks oer iens dat dit lange, ambachtlike fers wat bysûnders is. *It famke* is in poetyske fertelling dy't him ôfwikkelet oer in lange perioade út it libben fan de haadpersoan, in godlik útferkard famke. De trochgeande syklus fan it barren, it rypjen en de feroaring soargje dat de lêzer fêsthâlden wurdt en hieltyd mear witte wol oer de folgjende fase. Hoe giet dit orizjinele, poetyske reisferhaal fierder oer de wrâld?

It tige fakkundich skreaune fers is ryk oan taal, byldspraak en sit fol ferwizings nei bibelske tematyk, skiednis en sterk tapaste aktualiteiten. Twa poalen wurde tsjin elkoar oer set: It ierdske bestean, bijgelyks it famke as stazjêre by Yntratún en de jonge fuotballer fan Athletic Bilbao, versus de magy, de godlike (of natuerlike?) krêften dy't de haadpersoanen taskikt krije en trochjouwe as de tiid ryp is.

Yn kursyf krijt it famke twa kear it boadskip dat se harsels bliuwe moat en de tiid nimme moat om har wiisheid te iepenbierjen en troch te jaan as se tinkt dat dy wiisheid wat úthellet yn it ierdske bestean fan de minsken. Sa krijt ek de lêzer in oanwizing oer wat krekt de bedoeling is fan dizze bysûndere reis troch Europa.

In knap gedicht dat mei elke kear lêzen moaier wurdt.

Manlju en froulju

Noch in ôfslutende opmerking. Manlju winne yn Fryslân (en ek yn Nederlân en dêr bûten) faker in literêre priis as froulju. Dit gegeven is de lêste jierren in punt fan diskusje. It like de sjuery dêrom nijsgjirrich om, fansels nei it definityf fêststellen fan de priiswinnende bijdragen, it bestjoer fan de Rely Jorritsmapriis te freegjen (foar it earst?) ris nei te gean hoe't de ferhâlding leit tusken manlju en froulju. Dêr kamen de folgjende sifers út: der wienen 51 manlike en 35 froulike meidoggers. 6 manlju en 2 froulju stjoerden mear as ien tekst yn.

Rianne Blokzijl  
Inge Heslinga  
Douwe Kootstra